



Ynhâld: A. M. Wybenga: Wersjen — F. Boukes: De Levyt — S. B.: In maitiidsdei yn it fjild — J. W. Buising: Skôging oer: Friesland en de Friezen fen J. T. de Jager — W. van Beem: Forslach Pinkstergearkomste — S. E. Wendelaar Bonga: Forslach A. F. U. K.

WERSJEN.

It wierne yet de âlde pleatsen,
It wier yet de âlde toer;
Mar hwerom laei yn 'e maitiid
Sa'n hjerstich twieljocht der oer?

Ho stil stige súdlike sinne,
Ho grien en nij wier 't hout,
Hwet blonken de bloeiende tunen
Fen pearls en sweevjend goud.

Ho hie dochs nei âlde kinde
My langstme al tiden laet —
Mar 'k wier, mids de wurden fen minsken
Allinnich en iensum op 't paed.

En mids de laitsjende lûden,
Mids ljurke- en klystersang
Stie dêr in man yn wêmoed,
In bern sa forheard en bang.

In iensume man waard it feintsje
Yn 't foarge mann'ger frjeon;
Hwer kearden jim, goudene lieten?
En maten, hwer binne jim bleaun?

Myn God, nou't by 't âlder wurden
 Myn herte gâns forstiet,
 Dolt witten, myn wizer to wêzen,
 It grêf for de fleur fen it liet?

Ef hat my de rouwe tobritsen
 Oer frjeonen nei frjemden tein,
 Oer wurden, ta wrimpnens forware
 Sa kâld, sûnder herte my sein?

It wierne yet de âlde pleatsen,
 It wier yet de âlde toer:
 Myn siele, hat God dy gjin heil jown
 En driuwt den dyn wêmoed net oer?

A. M. WYBENGA.

DE LEVYT.

Sape Mulder hie sahwet foar 't oargel sitten to sûzjen, lyk as 't wolris faker barde op sa'n matske Sneinoerdei yn 'e hounsdagen. Hy hie fen 'e preek net folle opnomd; sa út en troch, as dûmny effen mei foarsje spriek, dreauwen brokken fen folsinnen op him ta, en den nikte syn âlde holle fen ja, sa is it. —

Mar in tried koed er der net yn fine, en der die er, âld man, ek gjin war mear op.

It gyng oer de fjouwerentweintichste snein fen 'e heidelberger, en it wier dûmny wol bitroud; dy hâlde neat fen 'e wierheit binefter, en dy sei it âld en jong oan. —

Bytiden, ûnder 'e preek hied er sels op in wird fen dûmny det er opfong, yn syn tinken foartspoun; ja, sa wier it; de minske wier in ûnnut, yn himsels forlern, en der wier allinne redding yn it offer fen Kristus, ienris oan it Krús folbrocht. Dy't himsels nou mar kennen leard hie, dy't der nou mar diel oan hawwe mocht. — In earme sûnder en in rike Kristus, och hwet in foarrjucht as in learaer der altiten mar weroan mei komme mochte.

wettersjouwers wêze yn ivige tsjinstbrens. Lit Fryslân for dizze
smaed biwarre bliuwe.

War dy for it erflik gea,
Hoedzje it lân for skandedea!
War dy! Sprek dyn tongerjend: né!
Feinten, hâld de fûsten ré!

INNE DE JONG.

Yn de âlde wente.

Yn de âlde wente hûzje de âlde minsken,
Yn de âlde wente oan iensme polderwei;
Fier fen 't geflean fen jachtich-iidle winsken
Gean hja hjar dimmen paed op 'e âlde dei.

It libben joech hjar fen dy stille wille
Yn lyts bidriuw fen 't irven âlders hûs;
Hjir hawwe alear syn earste lûden trille,
Hjir woechs er op by stiltmen en gerûs.

En de âlden wierne gien yn dûnkre kiste
Nei 't jinsne doarp by de âlde froede toer,
— In parsjend wicht, dêr't hy sa swier oer riste —
Do by syn faem woun hy wer rêst en dûr.

Hjir libben hja sa blier fen hert en wangen,
En 't jonge libben song yn nije leat by leat
En 't juble omheech yn biizge bernesangen, —
In segen nûndre fier oer fjild en feart.

Do nei in macht fen bliid útsketten jierren
Takke de nocht yn de âlde went wer ôf.
Dy't kommen wierne gyngen nei 't omfierren
Yn drok forweech fen lûd, fen bliid en drôf.

En hjoed is 't Snein. Stil op 'e bank by 't sketsje
Stoarje twa herten de iepen fjilden yn,
Yn 't each leit glâns fen wûndre heimnis-fetsjen,
De dippens fen neisimmer-sinneskyn.

Nou tinke se oan dy yn tank forgiene dagen;
It blomtún, de eskenbeam, de spoarge wei,
De griene klimmer en de flearehage:
It lústert dimmen de âlde heimnis nei.

It seit sa sêft fen 't libbensmoaije en 't hege;
It ljuentet treast for 't leed dat oer hjar kaem,
Dat simmernocht ta skrouske hjerst forlege
En blide blommen út hjar finster naem.

Mar mids de rûzing woun hjar siel de rêste,
Woeks in blank lok, dat joech hjar herten moed
En wijing yn hjar libben; 't ivich bêste
Wier hjar de soen oer 't kwea yn Jezus bloed.

O 't wier dat wûnder, 't gean fen Goades winen
Yn kommen en forweech net nei to gean;
Dat mids de nacht it ivich ljochtsjen finen —
Hwa scil it Godswirk yn 'e minske rjucht forstean?

Dat Godswirk glimke yn de âlde fredige eagen,
Dat heilswirk joech hjar moed yn skerpe striid,
Hjar went bleau fêst mids wyn en hirde fleagen
En 't makke hjar sa rêstich, stil en bliid.

— Wy mochten deun by Heilân Jezus wêze:
Hy stie for ús sa hillich soargjend noed;
Wy mochten yn Gods wird Syn ljeafde lêze
En fielden al Syn ljeavjen oan ús moed.

En as wy gean nei rêst fen blider dage,
Nei de iivge nocht fen 't ûnbidoarne jier,
Scill' wy it skieden út ús wente drage,
Al falt it gean fen de âlde kriten swier. —

Yn de âlde wente teagen de âlde minsken,
 En liezen stammrjend út it âlde boek
 Oer 't hillich Laem, de rêste fen hjar winsken.
 De stille sinne patte it waerme finster;
 Do wier 't eft fen Gods himelstêd in glinster
 Sa inglesêft oer minsketroanjes loek.

A. M. WYBENGA.

Lytse kerltsjes.

Wy sieten yn tsjerke op 'e efterste bank. Mei ús fiven. It sjongen waard opjown. Ik helle ús Frysk Psalmboek út 'e bûse. Hwet skruten. Om myn faek iensume sang. Ik song. Mar hwet wierne dat bikende lûden nêst my. Dat wierne gelikense. En dy oare persoan yn 'e hoeke song ek sa. In pear jongeren loerden efkes oerside en lieten hjar Hollânsk boekje boekje bliuwe.

Sa song ús hiele bank yn eigen tael.

Wy hellen net heech op. En ús lûd waard wei yn 'e Hollânske wurden fen dy oaren allegearre. Mar ús God hat it dochs heard. En as ús dwaen út God is, dan scil it net wei wirde. Mar oanwinne yn krêft en gloede. En scil ús lûd fierder de tsjerke ynkomme. Scil it sa komme det yn hiele Fryslân Psalmsongen wirdt yn 'e memmetael. En preke. Den wirdt ús tael rjucht hillige, lyk alle Godswirk wer oan God tawjld wurde moat.

Wy binne mei in lyts tydskriftke bigoun. Nêst 18 jier. It is sûnt net útwreide. Mar dochs bistan bleaun. Wy hawwe dêr forskate stikken yn krige, dy't ús stypje yn ús Fryske libben. Dêr't wy ús gelove yn uterje. Dêr't wy de skiednis fen ús geastlike foaroanmannen yn biskreaun fine. Fen de bistridders fen ûngelove en modernisme. Yn bitrouwen op God.

Ek poëzije, dêr't wy ús hert yn joegen. It paed sljuchten for bea en tank oan ús God yn eigen lûden.

Wy scille der net fen op 'e greate tromme slaen. Us wirk wirdt yn syn lytsens wei by it greate ideael. De frijsinnige is ús fier yn 't

foar. Dy kin op fiif tydskriften fen syn kleur wize. En wy litte it literair en taelkindich faek tsjin him lizze.

Mar wy dogge birop op ús hiele Christenfolk yn Fryslân om ús by to stean. Us ek op to dragen oan 'e Heare yn 'e himel yn hjar gebet. Hwent wy wolle nei it hert fen Jeruzalim sprekke yn 'e tael dy't ús mem ús leard hat.

Wy hawwe ús Friezedagen hawn. Dêr kamen de hûnderten út alle hernen fen ús lân op tasetten. Dêr gyng bisieling fen ús sprekers út. For 't forstân, mar binammen for ús herte namen wy hwet mei. Nei eigen oarden. En seine it dêr fierder.

En den ús sjongerijen. Hjar trillen de snaren fen ús inerlik moedslibben. Wy scille der oan tinke ús hiele libben oanien. Hja scille neitrlje oant de tiid det wy ús eagen slute moatte. Oant ús lêste snokker.

God joech ús ek ús mannen. Dy't foaroan stiene yn 'e kampslach. Dy't it úthâlden ek by tsjinslach en mistribeling.

Nammen scil ik hjar net neame. De iene seach hwet langer hwet better de konsekwinsjes fen ús bidoelen. Syn wird wier klear en syn hâlding sterk. De oare joech mei de pinne syn kostlik wirk. Skiednisbiskriuwing en bibelstoffe. Wy fornamen de preek yn 't Frysk. In treden biskikte mei helder ynsjuch de Selskipssaken. Wier warber for Sprekkers en Skriuwers allebeide..

Ek is der bigjin makke mei it opnimmen fen ús heitlânske libben. Yn skets en fers. En jongeren jowe ús hjar ynlike lieten.

Sa stean wy mei ús tael en nasjonaliteit for de eare fen ús Kening. For de Heare fen 'e Himel, Dy't de minske syn wêzen joech. Dy't him syn aerd uterje lit yn dêrmei bisibbe lûden.

Nou hoopje wy op segen. Wy wolle sa graech det ús Fryske paslmen en sangen en lieten rounom wjerklinke scille. Det wy ús gelove op it weardichst sizze kinne. Det ús geastlik bigjinsel op it suvert utering fynt. Det meikoarten ús eigen Nij Testemint op alle Fryske tafels komt. Det wy, dêrmei yn oerienstimming yn 't Frysk bidde en tankje scille. Den scil út hiele libben Frysk wêze yn deistich bistan en geastlik wêzen.

A. M. WYBENGA.

Weideleegje.

Hwa hâldt it út yn hjitte dei,
 Dat lange, strange, wrange skoft?
 Lyk fen in skermer yn 'e loft
 Dyn earmen swaeije aloan en wei.

De golle groeit, de man stiet leech;
 't Is near en dompich yn 'e hûs;
 Dyn holle is hjit en yn 'e sûs:
 Dû, stek mar troch, omheech, omheech.

De skeaven koarn binn' tsjûk en swier — —
 Ién is der heal omhegens gien
 Dy falt wer del, — wer ien, — wer ien —
 En de angels rûglje dy yn 't hier.

En falle skeaven nidich del,
 Pal bliuwstû op dyn weide stean
 Yn wiet trochshipere ûnderklean —;
 En 't jokket dy sa skerp, sa fel.

En nije reden ride ta;
 Dêr hast' de weide foar de doar:
 De ljue op 't lân binn' fier yn 't foar
 En scille oerwinderswille ha.

Hwa hâldt it út yn hjitte dei,
 It lange, strange, wrange skoft
 By kwea geroft yn neare loft,
 En wrot yn lytse krêften wei?

Hwa hâldt it út? — dyn frjeonen gean
 Yn 't bliid biwâld fen wyn en wrâld,
 En dû moast sûnder rêst en hâld
 Biswit yn 't hjit bidompte stean!

A. M. WYBENGA.